

## ***Fryske Krite Hoarn “Troch de Tael Forboun”***

**Ynhâld**

**Desimber 2024**

Beste kriteleden en freonen	2/3
Ledeberjochten	4/5/6
Puzel	7
Nijjiers stampotbuffet	8
Lêzing oer Nepal troch Tjeerd Dijkstra	9
Ferhaal	10/11
Gedicht	12
Frysk Folkslied	13
Gedichten	14
De Miniature People Route yn Ljouwert	15
Bestjoer Fryske Krite Hoarn	16

*KvK. Nummer: 5324 1274*

*Rabobank rekken: NL 54 RABO 0162 2705 77*

*Lid fan It Frysk Boun om Utens*

*[www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl)*

## ***Oan ús kriteleden, freonen en stipers.***

Wylst ik dit stikje begjin to skriuwen, binne wy noch yn de tsjustere dagen foar de Krysttiid. Folle minsken binne drok mei it gesellich meitsjen yn 'e hûs mei krystbeam of kryststikjes.

Ommers Krysttiid binne dagen fan ljocht en bliidskip. Mar net foar eltsenien binne sokke dagen fleurich. As men koartlyn in neiste ferlern hat of der oare swierrichheid is dan kinne de dagen soms lang wêze. Mar altyd komt der wer in laits troch de triennen hinne, kypt de sinne wer troch de wolken. Ik hoopje foar eltsenien dat der ek wer bettere tiden komme.

Sa geane wy wer in nijjier yn en witte net wat it bringe sil foar ús allegearre.

Wy hiene in moai slagge filmjûn op 2 novimber.

En wy wiene, as bestjoer, tige bliid mei in moaie folle seal minsken. Wat hawwe jimme goed lotten kocht. Tige tank der foar. Der hawwe wy in goed gefoel oer. No geane wy op nei 11 jannewaris, ús nijjier buffet. Foar it bestjoer ek in út probearjen. Hoe sil it slagje. Grif goed. Dat kin net oars omdat hiel wat minsken harren op jûn hawwe. Der kinne noch altyd guon by, dy't it fergetten binne. Earne oars yn it krantsje stiet noch in stikje oer dizze middei.

Dan is it jier 2025 al út ein set. Hawwe wy yn it âlde jier noch neitocht oer 2024? Hat it ús brocht wêr't wy op hopen? Mar mei nije moed, in skjinne laai sette wy wer útein.

Ek foar ús krite "Troch de Tael Forboun" hoopje wy wer op in fleurich jier, mei moaie jûnen. It binne, hoopje ik, jûnen wêr't wy ús noeden en soargen efkes loslitte en de fleur en mienskipssin ús bynt en bliid makket.



Al binne wy allegearre al jierren út it Heitelân wei, de Fryske taal  
wolle wy noch graach efkes prate en sjonge op sa'n jûn.  
Dit krantsje falt nei de Krystdagen op de matte. Mar út namme fan  
it bestjoer winskje ik jimme noflike dagen. Foar 2025 ek goede  
winsken en wy hoopje wat sûn te bliuwen.

***Liet fan de fluter.***

*Ik ha maityd en simmer, hjerst en winter faak sjoen,  
en genietsje de tsjoen fan elts seizoen,  
As de strieljende sinne yn 'e jûn sonken is,  
komt de donkere nacht mei har tsjusternis.  
Mar yn de donkere nacht en yn strielend ljocht  
is muzyk my in hearlike boarne fan nocht.  
Ik fluitsje, ik fluitsje in lietsje foar dy.  
Ik fluitsje, ik fluitsje in lietsje foar dy.  
Litte wy fluitsjend it nije jier yngean.*

**Folle groetnis**  
**Tiny Dijkstra de Vries**



## Ledeberjochten



### Ferstoarn:

Op 9 oktober 2024 is ús trouwe lid de hear **F. Eijzenga fan Hoarn** ferstoarn, krapoan 95 jier âld. De hear Eijzenga hat oan 't op hege leeftiid de krantsjes fan de krite besoarge. We winskje syn sibben in protte sterkens ta om mei it ferlies om te gean.

Op 11 novimber 2024 is frou **D. Benedictus- Hoekstra fan Andyk** ferstoarn. Hja is 77 jier wurden. Hja en har man wiene trouwe leden dy't eins alle kritejûnen fan út Andyk (en earder út Wieringerwerf) nei Hoarn kamen. We winskje har sibben in protte sterkens ta om mei it ferlies om te gean.

### Nije leden:

Wy binne bliid da we trije nije leden wolkom hjitte kinne:

**Ben Wester** fan Hauwert, frou **G. van der Meer** fan Hoarn en frou **A. Boomsma** fan Edam.

We hoopje dat jimme jim gau thús fiele.

## **Ledeberjochten**

### **Nij lid wurde yn 2025?**

Wat kriget men dêrfoar? De libbene krite “**Troch de Tael Forboun**” organisearret troch de jierren hinne in moai programma foar it winterskoft. In toanielstik, kabaret of in sprekker oer de Fryske kultuer of skiednis. Trije kear op sneontejûn. De leden binne grutsk op it yn stân hâlden fan de Fryske taal. Derom hoopje wy dat noch in tal minsken lid wurde. Wa nimt in freon of freondinne mei?

### **Lidmaatskip en tagongsprizen:**

It lidmaat skip in 2025 foar ien persoan is €15,00 foar in hiel jier (It krite jier rint fan juny oant ein maaie).

Op de grutte jûnen is de tagongspriis foar leden €5,00 en foar net leden €12,50. De lytse jûn is fergees.

Opjefte foar it lidmaatskip kinne jo dwaan by de ponghâlder de hear P. Slange

### **De sealpriis op de grutte jûnen:**

Jo kinne dizze sealpriis winne as jo yn ‘e seal sitte op ús grutte jûn. By de yngong krije jo in nûmer dat kâns jout op dizze sealpriis.

### **De ferlotting yn it skoft:**

Yn it skoft fan de grutte jûnen wurdt der in ferlotting hâlden.

De prizen bestean meastentiids út in blomke, oranjekoeke, fleske wyn of oare aardichheden. Jo kinne yn it skoft lotten keapje foar €5.00 en dan krije jo 10 lotsjes. Altyd priis!

### **Autoferfier:**

Leden dy’t yn Hoarn, Blokker en Zwaag wenje en autoferfier nedich ha, kinne kontakt opnimme mei ús skriuwer de hear Vogel 0229 234012

## **Lief en Leed:**

Lief en leed berjochten kinne jimme trochjaan oan ien fan 'e bestjoersleden.

De gearkomsten fan de krite wurde hâlden yn:

**Wijkcentrum De Huesmolen,**

De Huesmolen 60, 1625HZ Hoorn.

Tel: 0229-234390

## ***De wurklist foar it kommende winterskoft 2024-2025***

**11 jannewaris 2025**

Nijjiers stampotbuffet (middeis)

**14 febrewaris 2025**

Lytse jûn troch Tjeerd Dijkstra

**22 maart 2025**

2e grutte jûn

## ***Douwe Egberts punten***

De waardepunten fan Douwe Egberts meie ek foar goede doelen brûkt wurde. Ien fan de doelen is kultuer, lykas de Fryske Krite.

Derom docht ús Krite Hoarn mei oan it garjen fan dizze waardepunten. De krite kin dan produkten krije foar dizze punten en dat stipet de krite. Jo kinnen de waardepunten ynleverje op de kritejûnen, de doaze stiet op de boeketafel.



**Nimme jo ek punten mei nei de kritejun?**

---

## Siswizen Foarmje

Foarmje mei de neikommende wurden fiif siswizen dêr't it wurd 'fûgel' yn foarkomt. De wurden meie allegearre ien kear brûkt wurde. It oantal stipkes hat gjin betsutting.

as	de	de	efkes	fleane	fleane	frij
frjemde	fûgel	fûgel	fûgels	fûgels	fûgeltsje	in
in	it	it	litte	nei	net	oer
sa	sjen	sjen	wêr't	wêze	wêze	

1. ....
2. ....
3. ....
4. ....
5. ....

*Ut it Lyts Frysk puzel boek*



# It Nijjiers stampotbuffet



**Wannear:** 11 jan. fan 16.00 ûre oan't 19.00 ûre  
**Wêr:** De Huesmolen

Foar eltsenien is dit wat nijs by ús krite.

Elkoar moetsje, in drankje en byprate.

Lekker ite en in kopke kofje / te nei.

We kinne elkoar wer wat better kinnen leare.

Ommers, we geane sa no en dan ris oan in oar taffeltsje sitten.

Mei it earste drankje, oanbean troch it bestjoer,  
proaste wy op it nije jier en op de krite.

De oare drankjes meie jimme sels betelje.

De kosten foar iten en kofje/te binne €7,50 euro foar leden en  
€10,- foar net-leden.

We begjinne om 16.00 ûre en slute ôf om 19.00 ûre.

We sjogge nei jimme kommen út.

Der binne twa soarten stampotten: Hutspôt en Boerekoal.  
Ek foar fegetariërs.

Opjaan kin by ús skriuwer:

Jan Vogel, tel. 0229-234012

e-mail: [yellowbirds53@gmail.com](mailto:yellowbirds53@gmail.com)



## Lêzing oer Nepal

**Wannear: 14 febrewaris om 20.00**

**Wêr: De Huesmolen**



De sprekker is dan **Tjeerd Dijkstra** út Wommels.

Tjeerd sil ús fertelle oer syn reizen nei Nepal.

Hy docht dat fan út syn wurk foar:

Buitenlandse Zaken en Ontwikkelingshulp.

Hy lit ús wat fan it lân sjen

en fertelt oer de gewoanten fan it platte lân.

Hy docht dat mei foto's, film

en foaral mei syn ferhaal oer syn eigen aventoeren.

Hy komt geregeld yn Nepal en praat dêr mei de minsken.

It is tige nijsgjirrich om Tjeerd dêr fol fjûr oer praten te hearren

Dus 14 febrewaris 2025 nei de lytse jûn fan de Fryske krite.

## **Ferhaal.**

Der wier ris in man dy't it krystferhaal neat fûn.

Net dat er in minne man wie as sa, nee, it wie in poerbêste keardel. Hy soarge goed foar syn frou en bern.

Hy besocht sa goed mooglik te wêzen foar oare minsken.

Hy leaude allinne net yn dy Jezus dêr't de tsjerken mei kryst om fol sieten. Tsjin syn frou, dy't trou nei tsjerke gie sei er: "It spyt my, mar ik kin der net by dat God in mins wurde moast en nei de ierde komme moast. Dat slacht gewoan nearne op".

Op krystjûn gyngen syn frou en bern nei tsjerke foar de nachtsjinst. Hy hie gjin sin om mei te gean. "Ik bliuw leaver thús, mar ik sil wol op jimme wachtsje" sei er .

Nei't syn húshâlding fuortriden wie, begûn it te snijen.

De man rûn nei it finster en seach de snieflokken dikker en dikker wurden. "No ja", tocht er "as wy dan dochs sa nedich kryst fiere moatte, dan kin it mar better in wite kryst wêze." Hy rûn werom nei syn maklike stoel om de krante te lêzen. In pear minuten letter waard hy opskrikt troch in ploffend lûd dat fan bûten kaam. En noch in kear, en noch ris. Hy tocht dat immen snieballen tsjin de rúten oan smiet, mar doe't er de foardoar iepen die, seach hy in grutte keppel fûgeltsjes yn syn foartún. Troch de sniebui wienen se de wei kwyt en wanhopich op siik nei in skûlplak en sadwaande wienen der in pear tsjin it rût flein.

"Ik kin se dochs net deafrieze litte? "tocht er by himsels

Mar hoe kin ik se helpe?

Ynienen tocht hy oan de skuorre dêr't ek in lyts hynderke fan de bern stie. It wie dêr yn elts gefal waarm en droech. Hy die syn jas oan en gie nei de skuorre.

Hy die de doarren wiid iepen en die it ljocht oan.

Mar de fûgeltsjes kamen net. "Miskien kin ik se lokje mei wat iten" tocht er.

Dat hy helle wat âlde bôle en struide in spoar fan krommels fan de foartún oant de skuorre. Mar de fûgeltsjes negearden de krommels en kamen net; se bleauwen mar wrotten yn de snie. Hy besocht se yn de skuorre te krijen troch om se hinne te rinnen en

"shhh, shhh" te roppen. Mar de fûgels fleagen alle kanten op, útsein nei de waarme skuorre.

De man tocht: "Se fine my fansels mar aaklich en mâl.

Koe ik mar in manier betinke om se witte te litten dat se my fertrouwe kinne. As ik no sels ris in skoftke in fûgel wêze koe om se yn feilichheid te bringen."

Op itselde momint hearde hy de tsjerkeklokken slaan.

Hy stie efkes stil om te lústerjen nei de oankundiging fan it Krystfeest.

Doe foel er op syn knibbels yn de snie, die syn hannen gear en sei: "No begryp ik wêrom as Jo dat dwaan moasten".

De skriuwer is net bekend



## **Lokkich Nijjier**

*As anst de tolve slaggen falle  
dan is it âlde jier wer gien,  
wy skouwe mei-inoar oer de drompel  
fol moed, mei blydskip of in trien.*

*It âlde jier hat jûn en nommen  
sa sil it troch de jierren gear,  
der kaam nij libben yn 'e widskes  
der sille lege stuollen stean.*

*Mei't nije sil wy anst begjinne  
it âlde skild kin no oan kant  
en rigels dagen, wiken, moannen  
dy hingje anst oan it lewant.*

*Foar elts leit dêr syn paad bedutsen  
en nimmen wit, 't rint licht of swier,  
mar as de tolve slaggen falle  
winskje wy inoar in goed nijjier.*

M. Koldyk de Vries



## **FRYSK FOLKSLIET**

Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede.  
En bûnzje troch ús ieren om!  
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde.  
It Fryske lân fol eare en rom.

*Refrein: Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!*

Trochloftich folk fan dize âlde namme,  
Wêz jimmer op dyn âlders great!  
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme,  
In grien, in krêftich bloeijend leat!

*Refrein: Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!*



## **Wannear komt de winter? Wy wolle ride**



## Wintermoarn

*'t Is bitter kâld. Ik hymje as in bern tsjin  
't finsterglês en skein de teare winterblommen.  
In moskje yn 'e tún biddelt om brea.*

*De dei is út it lykwicht slein. De polsslach fan de  
ierde amper te fernimmen. De kjeld fan dea.*

*Wy huverje en boartsje winterwille.  
Ik lis beferzen yn in flier fan iis.*

*Raan nei my ta, lit my dy heine.....*

*Yn 't djippe wek tjirgje optein de einen!*

Baukje Wytsma.

### **Tiid**

*Hurd jaget de tiid  
brûkte oeren troch de dei  
wês dyn eigen klok.*

*Hâld foar de nacht  
skôgje blinkende stjerren  
Ferstiljend tsjuster  
LOK en SEINE yn it nije jier*

Ytsje Hettinga

Oplossing siswizen foarmje

Sa frij as in fûgel  
Efkes nei it fûgeltsje sjen  
De fûgels oer it net fleane litte  
Sjen wêr't de fûgels fleane  
In frjemde fûgel wêze

## ***de Miniature People Route yn Ljouwert***



As jo yn Ljouwert sjogge, hoe't in pear minsken nei in lyts rântsjie yn de muorre steane te sjen, is de kâns grut dat dêr wat Miniaturlju ferstoppe binne. Wat begûn as in artistike útdrukking, is ûnderdiel wurden fan de bêste rûte om mei de bern te kuijerjen: de Miniature People Route. Om de tsjustere wintermoannen wat draagliker te meitsjen is de rûte útwreide mei in spesjale winterrûte!

Tidens de Miniature People Route sykje jo mei help fan in rûtekaart nei lytse sênes ferspraat troch de binnenstêd fan Ljouwert.

In protte fan de sênes ferwize op in moaie wize nei de kommende wintermoannen. Der glydzje snowboarders earne op de hoeke fan in winkelstrjitte by in muorre del. Kinne jo se allegear fine? Jo krije in oersjoch fan alle lokaasjes fia Google Maps. Jo kinne beslute wêr't jo begjinne en einige. Wolle jo leaver in papieren kaart? Foar € 2,00 kin op ferskate plakken yn Ljouwert in rûtekaart mei tips keapje.

**<https://miniaturepeopleleeuwarden.nl/>**

## **Bestjoer Fryske Krite Hoarn**

**Foarsitter:** Tiny Dijkstra – de Vries  
Till.: 0227-501050  
e-mail: [ak.dijkstra@quicknet.nl](mailto:ak.dijkstra@quicknet.nl)

**Ponghâlder en Lede-administraasje:** Popke Slange  
Till.: 0229-234881  
e-mail: [p.slange@outlook.com](mailto:p.slange@outlook.com)

**Skriuwer:** Jan Vogel  
Till.: 0229-234012  
e-mail: [yellowbirds53@gmail.com](mailto:yellowbirds53@gmail.com)

**Oare bestjoersleden:** Renske Nauta-Haagsma  
Till.: 0229-237267  
e-mail: [dirkrenske@gmail.com](mailto:dirkrenske@gmail.com)

Harmke Burggraaff – Adema  
Till.: 0229-238284  
e-mail: [harmke.burggraaff@quicknet.nl](mailto:harmke.burggraaff@quicknet.nl)

**Redaksje Krantsje:** Jan Vogel  
Till.: 0229-234012  
e-mail: [yellowbirds53@gmail.com](mailto:yellowbirds53@gmail.com)

Paul Burggraaff  
Till.: 06-53211437  
e-mail: [pc.burggraaff@quicknet.nl](mailto:pc.burggraaff@quicknet.nl)

**Eareleden:** Popke Slange

Bank: NL54 RABO 0162 2705 77 Fryske Krite Hoarn